

by skôgjen en neipetear

- In karmaster is in fertsjintwurdiger fan STAF en gast fan it selskip. Fansels moat de karmaster him/har ek hâlde as in gast. De karmaster heart him/har te melden by oankomst by it bestjoer.
- Fan de karmaster wurdt ferwachte dat hy/sy him/har neutraal by de selskippen opstelt. Gean net yn op klachten oer kollega's of oare skelen dy't STAF oangeane.
- Yn oerlis foarôf kinne de karmasters yn de gelegenheid steld wurde it dekkor te besjen en mei de spilers/regisseur yn de kunde te kommen.
- In karmaster dy't net yn funksje is en in foarstelling (betelle) bywennet dy't skôge wurdt troch kollega karmasters jout gjin oardiel oer it stik, noch oer it karmasterjen fan kollega's.
- Sis nei it puntsjen efkes dat jo fuortgeane.
- De karmaster soarget der foar dat hy/sy nei it skôgjen in telefoannûmer of e-mail adres kriget fan it selskip. Saken oangeande it karmasterjen en it neipetear kinne dan op in ienfâldige wize koartsletten wurde.